


# DOARPSOMROPPER

MOANNEBLED FOAR ALDEGEA EN OMKRITEN





### grote mode, dat kan!

Japon met plissé-rok. Vlotte V-hals die uitloopt in een shawl.

Staat u vast erg mooi.

Ingezet stukje aan de schouders met lange-mouwmanchet.

Het ceintuurje maakt deze mooie japon zeer gewild. Een klassejapon.

Materiaal: mooie 20% polyester jersey-crêpe.

Maten: 40-42-44-46-48-50.

**129.-** geheel gevoerd.

### probleemloze japon, probleemloze prijs

Met een slank afkledende rok. Het kleine kraagje en de revers staan vlot. Ingezet schouderstukje met aangerimpelde plooitjes. Materiaal: 100% polyester-jersey. In diverse dessins en kleuren.

Maten: 38-40-42-44-46-48.

**89.-**

# Nagel

**Bergum**

Schoolstraat 5

**Jachtwerf Eernewoude**

Princenhof 3  
Tel. 05117-9300 b.g.g. 9251

**Fa. Westerdijk en Zn.**

**Gem. Jachthaven**

Feansterdyk 2  
Tel. 9360



Voor al uw onderhoud en reparatie  
Botenlift met hijsvermogen tot 20 ton

# DOARPSOMROPPER

MOANNEBLED FOAR ALDEGEA EN OMKRITEN

Samlers:

R. Jansma - Udemar  
B. Wijma - v.d. Wal  
L. de Jong  
C.T. Pool - Bruinsma

Samlerskip:

Achterwei 5

Till. 05127 - 1726

KOPIJ FOAR IT WYNMOANNENUMER FAN DE DOARPSOMROPPER  
MOAT FOAR 18 OKTOBER O.S. YNLEVERE WURDE OP IT BEKENDE ADRES

## KEUNSTWURK

Aldegea is noch in moai folslein doarp. It is noch, sa't dat tsjintwurdich faak sein wurdt, in leefber plak. Alles wat in doarp leefber makket ha wy (noch); beukerskoallen, legere skoallen, tsjerken, banken, bibileek, gebou foar brulloften en útfierings, gym-nastykloakaal, dokter, slachter, grienteman, winkels, molkman, hierknippers foar manlu en froulju, smid, timmerlu, fervers en neam mar op. En no praat ik noch net iens oer it rike ferskaat aan ferienings yn ús doarp.

Koartlyn ha wy in jachthaventsje krike, dat de fisuele fersmoarging fan de Aldegeaster feart is ek foarby. En ús lêste oanwinst is de glêsbol, dy't yn'e buorren yn it roazetúntsje stiet. Mar neffens myn smaak misstiet dat ding dêr, it liket wol in kolossal fergiftige griene poddestoel, dy't middenmank de leaflike roazen út'e grûn omheechsketten is. Begryp my goed, ik soe dat nuttige ding net heal wer út it doarp wei ha wolle, mar it heart dêr net te stean.

Eins hie'k dat plakje tusken de roazen ornearre foar hiel wat oars, foar wat moais: in keunstwurk, in byld fan stien of metaal. Want dat mankearret der by ús oan, wy ha noch gjin byld yn ús doarp. Dat roaze-túntsje, dêr't no de glêsbol stiet is in útsocht plakje foar it stânbyld, dat wy noch ha moatte. It is in moai kerweike foar Doarpsbelang om dêr ris wark fan te meitsjen, it is grif wol te réalisearjen. Us byldzjende keunstners hawwe it op't heden net drok, hearde ik, der sil dus grif wol ien te finen wêze, dy't foar Aldegea in byld meitsje wol en de gemeente hat moai wis wol in potsje foar kulturele dingen. Yn Drachten stiet al in hiel rychje keunstwurken en it wol my net oan, dat se dy fan Sinteklaas krike ha. En as Doarpsbelang der mei te set giet, dan soe it warbere bestjoer fan dy feriening yn ien sike wei ek wol war dwaan kinne foar in doarpsflagge en in doarpswapen. Ha wy ek noch net, ommers. Mar, sil immen tinke, in byld moat wat foarstelle, wa of wat soene wy hjir yn Aldegea no stal jaan kinne yn in byld? No, dêr haw ik wol in antwurd op: Baaie, e.g. Sa't Peie in doarpsfiguer west hat yn Drachten, sa wie Baaie it yn Aldegea. De lêste is likegoed as de earste in byld wurdich. Mar as immen in oar en better idee hat, dy moat him of har mar oppenearje.

## INHOUD:

Buurtver. Aldegea Súd-East  
Havengebouwke Wettersport  
Vrijz. Herv. Vrouwenvereniging  
Jonges en famkes  
De sutelaksje komt sneon 17 okt.  
Akke Ratsma-eftige ferhaal  
Dit wine ek Aldegeasters  
Lotlingen fan 1919  
Raam en Tuseartriedden  
Fan alles wat

## DRUKKERIJ

**S.O.D. b.v.**  
**v.h. Osinga**  
  
Boekdruk / Offset / Uitgeverij  
De Giek 17 - 9206 AS Drachten  
Telefoon 05120-12468

**R I J L E S ? ? ? ? ?**

heeft u moeilijkheden met schakelen ? ? ?  
of wilt u SNELLER uw rijbewijs ? ? ?

behalve schakelauto's hebben wij nu ook  
een

**A U T O M A A T ! ! !**

**Autorijschool W. PIJL, Ureterp**  
**Foareker 27 tel. 05125 - 2151**

Gedipl. instructeurs:

Wiebren Pijl	Ureterp	05125 - 2151
Niek Zwart	Surhuisterveen	05124 - 3144
Piet Aans	Hemrik	05166 - 497

en voor OUDEGA e.o.:

**Geert v/d Klijn Drachten 05120 - 15210**

onze GARANTIE:  
een doelgerichte en verantwoorde rij-opleiding

nu nog Opel Ascona . . . . . binnenkort  
B.M.W. en Renault ! ! !

**ATTENTIE! Buurtbewoners Süd-East!**

30 oktober hopen wij onze grote feestavond te houden: om acht uur in het Miensker.

Het belooft een plezierige avond te worden, met vanaf acht uur muziek van het duo "J. en G." uit Bergum, en vele attracties!

Komt allen, en zorg alvast voor oppas bij uw kleintjes.

De uitslag van onze spelavond voor de kinderen op 3 juli was als volgt:

**4, 5 en 6-jarigen****Tapijttegel verleggen:**

1-ste prijs Wietske Westra  
2-de prijs Janneke Kooistra

**Balletjeslaan met hockeystick:**

1-ste prijs Wietske Westra  
2-de prijs Ingrid Hoekstra

**7-jarigen****Tapijttegel verleggen:**

1-ste prijs Reinder Hoekstra  
2-de prijs Hendriette Sluiter

**Bekers water overbrengen:**

1-ste prijs Janny Hoekstra  
2-de prijs Hendriette Sluiter

**8, 9, 10-jarigen****Zaklopen:**

1-ste prijs Aaltje de Vries  
2-de prijs Bart Jelsma

**Skippybal-race:**

1-ste prijs Heleen Jelsma  
2-de prijs Ronald de Vries

NU NOG MEER SERVICE IN ONZE VERGROTE  
WINKELWAGEN



Jachtweide 7

Oudega

telefoon 1652

★ R. v.d. VELDE ★



## 11 en 12-jarigen

### Skippybal-race:

1-ste prijs Heleen van Staveren  
2-de prijs Roel Wiersma

### Zaklopen met hindernissen:

1-ste prijs Grietje v.d. Werf  
2-de prijs Margriet Hoekstra

Namens het bestuur  
v. Aldegea Súd-East,  
L. v.d. Horst-Blanksma

## HAVENGEBOUWKE WETTERSPORT

It is de minsker dy't der oer gear west ha, een goed ding to hearren, dat de besikers/boatbesitters optein binne oer de akkemodaesje yn Aldegea. Guon kaemen faekentiden 3 ris wyks mei har kroast om to douchen en to waskjen. De havenmeester Ate Faber hat dik oer de hûndert oernachtingen barre kind, en der is 34.000 liter wetter ferkoft en ferbrûkt. Ek is der aerlich V.V.V.-spul út it kantoarke ferkocht. Wy moatte ien wanklankje hearre litte en dat is dat it krassen fan wurden sawol as fan nammen it gehiel tige ofbreuk dwaan kind hie. Dit moat eilings net wer. A. Faber hat der daeliks mei ofweefd en jitris ferve. 1 oktober giet it gebou ticht aan it oare simmerskoft. Miskien kin der it oare jier what aerlich betocht wurde, om it fakansje en boatseizoen iepenje te kinnen. In tip híjfoar is by de kommisje tige wolkom.

û.n.f. de kommisje  
Havengebouw  
W. Welling

## KOOS BAKKER'S

## KLEERMAKERIJ

## DRACHTEN

Ook het adres voor al uw  
ruiterkleding en toebehoren  
van het wereldmerk "PIKEUR"

Moleneind 44, tegenover Elmar

Tel. 05120 - 31533

b.g.g. 05120 - 12516

Stoppage verzorgen wij ook voor u.

Tevens reparatie-inrichting voor alle  
leiderwaren (tuigen, halsters)  
en ook voor het opstoppen van uw zadel.



*It adres foar  
1e klas  
ierpels - grienten - fruit  
en  
libbensmiddels*

*Wy hawwe wer rûme kar*

*En wolle Jo in moaie fruitskaal weijaan?  
Jo sizze it - of skilje ús mar*

**FOLKERT DE HAAN**  
**Tel. 05127 - 1414**

## VRIJZ. HERV. VROUWENVERENIGING

Fietsten is gezond, en je kunt van de natuur genieten. Met dit doel vertrokken we 8 september 's morgens half negen met 16 leden via de oude trambaan en Klein Zwitserland. Voor de koffie naar Oostermeer. Verder over Schuilenburgh langs het Kolonelsdiep naar Blauw Verlaat. In Surhuisterveen werd middagpauze genomen, en nog even gewinkeld. Toen weer door Harkema, richting Oudega, waar we om half vier weer terug waren. Het was een gezellige dag geheest met mooi weer en geen lekke banden. Op 22 september herdenken wij ons 45-jarig bestaan. We maken dan 's middags een bustocht door de Gemeente en 's avonds wordt dit feestelijk gebeuren besloten met een koffietafel.

7 Oktober begint de vereniging weer met haar winterseizoen en we hopen dat wij dan ook nieuwe leden welkom kunnen heten.

5 November organiseren we een bazar in het Volksgebouw en we doen hierbij een beroep op de dorpsgenoten om wat te geven voor de bazar.

Even een telefoontje naar één van de volgende nummers en wij halen het graag even op in de tweede helft van oktober.

Mevr. Wilkens, no. 1620  
Mevr. Welling, no. 2396

## "BUTHUS" BANKPRAET

De skilderskursus "It Bûthús" is jitris útein set mei een 30-tal amateur kunstners, manlu en froulu. Der wurdt no moandei to middeis en moandei to jouns, tiisdei to middeis en tiisdei to jouns wurke. De earste gearkomste wie tige gesellich mei in tal nije leden, dy't de dia serie fan Oeds de Vries mei noch besjoen hawwe, ek oer it ofroune jierlykse skildersústpapke wiene moaije dia's makke. Der binne, trochdat it tal kursisten útwreide is en ferspraet oer 4 tiden, noch inkelde plakken yn to nimmen. Tiisdei to jouns is folboekt. Soene jo dochs noch wolle, dan kinne jo jo yn ferbining stelle mei Oeds de Vries of Wietse H. Welling, as kom efkes to sjen op in kursustiid sa as oanjoun hjirboppe: middeis fan 1.30 - 4 ûre, jouns 7.30 - 10 ûre.



**OEDS PIETERSMA**

**SLACHTER ALDEGEA**

← "It Bûthús"  
W. Welling

Voor al uw

**TIMMER- en  
AANNEMERSWERK**

**L. KLEINHUIS**

Sânbuorren 17 - Oudega - tel. 05127-1407

ZOWEL NIEUWBOUW, ONDERHOUDSWERK, RESTAURATIE,  
VERTIMMERINGEN, OPENHAARDEN, KEUKENS en BOUWMATE-  
RIALEN.



# Nu bij ons te zien en te rijden:

De nieuwe Datsun Bluebird 2.0 GL Diesel. Een probleemloze kilometerverreter met een geweldige trekkracht (top: 140 km/h.), die toch heel stil is. Comfortabel en compleet.

Want zelfs de 5-bak, de brede radiaalbanden, de gelaagde voorruit, het getinte glas rondom, de AM/FM radio en de digitale quartzklok zijn standaard.

Efficiency? De Bluebird Diesel loopt 1 : 18,9 km bij 90 km/h. constant (ECE norm).

Kom eens kijken en proefrijden. Datsun Bluebird 2.0 GL Diesel v.a.

24.495,-



Ook leverbaar als stationwagon.  
Lichtmetalen wielen tegen meerprijs leverbaar.  
Er is al een benzine-versie v.a. 18.495,- Prijzen incl. BTW, af fiscaal.

**ABD**  
**autobedrijf  
drachten b.v.**

**DE HEMMEN 1  
DRACHTEN**  
**Tel. 05120-12100**  
**Na 18.00 uur**  
**Tel. 05120-14967-18575**

**DATSON** Reken op Datsun.

## Datsun Bluebird nu ook in 2 liter Diesel. Snel en stil.

### JONGES EN FAMKES

Yn'e Doarpsomropper stiet altyd in protte te lêzen.  
Mar foar jimme net safolle. Dêrom komt der tenei ek  
in side foar jimme. Jimme meie sels ek meihelpe  
om dizze side fol te meitsjen.  
Witte jimme in grapke of in aardich ferhaaltsje of  
noch wat oars, dat meie jimme dit bringe by of  
stjoere oan:

Loltsje Ritsma  
Dykfinne 2,  
9216 XL Aldegea

Sari Bouma  
Buorren 28A  
9216 WE Aldegea

**Voor al uw levensmiddelen  
Aardappelen - groenten - fruit  
bloemen en planten naar:**



# Gerrit en Goke Adema

Buorren 17 - OUDEGA - telefoon 05127-1371

UW VÉGÉ-LEVERANCIER

VERRUKKELIJK VERS EN PLEZIERIG GOEDKOOP

**DE SUTELAKSJE KOMT SNEON 17 OKTOBER**

Dat der alle jierren mei Fryske boeken sutele wurdt, sil jo súnder mis bekend wêze. Mar witte jo ek wat foar organisaasje as der achter dy saneamde sutelaksje sit? Dat is de Stichting It Fryske Boek, Noarderhaven 64, 8861 AP Harns; tel. 05178 - 7500. It Doel fan de Stichting is it jaan fan foarljochting oer de Fryske literatuer, it meitsjen fan propaganda foar en it befoarderjen fan de fersprieding fan it Frysktalige boek. Dat is in hiel mûlfol en it heart allegear like moai, mar wat wurdt no echt dien? Der wurdt in katalogus foar de boekhannel byholden dêr't alles yn stiet wat oan Fryske boeken en boeken oer Fryslân útkomt. Der wurdt op't heden ek arbeide oan in nije berneboekwizer, mei dêryn in oersjoch fan alle Fryske berneboeken fan dit stuit en in krityk besprek fan de ynhâld. Op ferskillende plakken wurde boeketafels holden, hjir en dêr ek boekejûnen. Foar bern binne der ek de bernemiddeis mei in fleurich programma en meiwurking fan skriuwers/sters fan berneboeken. Alle jierren jout It Fryske Boek, mei help fan de minsken fan It Skriuwersboun, de Fryske Skriuwerskalinder út. Dat is in kalinder mei foar alle wiken in fleurich oftryst, boartlik of earnstich, optimistysk of swiermoedich stikje, mei dêrby in moaie tekening of foto. Troch de jierren hat dy kalinder in grutte bekendheid kriegen en der wurde dan ek in soad fan ferkocht. Mar jo kinne him ek fergees kriej, as jo foar f 22,50 of mear oan Fryske boeken keapje yn'e sutelaksje.


Dy sutelaksje is wol de bekendste aktiviteit fan It Fryske Boek. Jo hawwe grif wolris yn'e krante in koart berjochtsje lêzen mei de sutelopbringsten foar bepaalde doarpen. Alle jierren wurdt troch hûnderten vrijwillige helpen sutele. Doel is om dat yn elk plak om'e trije à fjouwer jier te dwaan. Fan't jier sil it wêze yn'e gemeenten East- en Westdongeradiel, Frentjerteradiel en de plakken om It Hearrenfean hinne.

Yn de sutelaksje 1980 waard foar f 190.000,- oan boeken ferkocht, meiinoar 18.600 boeken. Wat foar boeken wurdt mei sutele? Fansels mei alle Fryske romans, fershalebondels en gedichten. Fierders hawwe wy ek alle learmiddels foar ûnderwiis yn it Frysk. In grut plak nimme de berneboeken yn; no't it Frysk in ferplicht fak op de legere skoalle is, nimt de fraach nei berneboeken geweldich ta en der wurde op it heden ek in soad nije útjûn. Fan alle ferkochte boeken yn'e sutelaksje 1980 bestie 40% út berneboeken. Mar fansels is der ek geastlike lektuer, byg. bondels preken, deiboeken en ek it Lieteboek foar de Tsjerken en de nije Fryske Bibeloersetting. Op it gebiet fan taal- en letterkunde en skiednis wurdt allinnich mei it meast gongbere sutele; yn de ôfdieling ferskaat sitte fierders in soad nijsgejirrige boeken, faak wat minder dreech as de oaren, mar dêrom neat minder fansels. Sa't jo sjogge, kin elk wat fan syn gading fine en it Fryske Boek docht syn uterste bést om noait gjin nee te ferkeapjen. En mocht it boek net yn de kroade sitte, dan kinne jo it wol yn de bus fine. Hoe witte jo wat der krekt allegearre te keap is? In wike foardat de sutelaksje yn jo wenplak holden wurdt, krije jo de Fryske boekekrante yn'e bus en dêryn steane alle boeken dêr't mei sutele wurdt kreas op in richje. Dy krante besjogge jo thús earst ris om op jo gemak dy boeken út te sykjen dêr't jo wol sin oan ha. As se dan by jo oan'e doar komme, witte jo drekst wat jo hawwe wolle en de krante kinne jo bewarje.

Mar jo kinne ek meihelpe. Yn Aldegea ha wy 25 sutelers nedich. Dêrom dogge wy in berop op jo om mei te helpen, set de skouders ek mei ûnder dizze sutelaksje. Jo kinne jo opjaan by de pleatselike kontakt persoan Aaltsje Ensing, Buorren 45, tel. 1666. It Fryske Boek fan har kant docht der alles oan om de sutelaksje goed rinne teitten, en der dit jier wer in boppeslach fan te meitsjen. Der moat earst hiel wat regele wurde foardat de sutelers los kinne. As dy komme, is it wurd oan jo.

## **Reidinga b.v. - Oudega**

**TELEFOON 05127 - 1323 - 1988 - 1993**



- \* GRONDWERKEN
- \* AANLEG LANDBOUWWEGEN
- \* WEGVERHARDING
- \* BESTRATING
- \* KIPPERTRANSPORT
- \* BULDOZERWERK

**Levering zand**

Dit "Akke Ratsma-eftige" ferhaal ha ik oerset út it Drintsk, mar it koe har ek yn Fryslân ofspylje.

R. J.-U.

.....dat komt om't wy sa meilibje meiinoar. De gelearden hawwe dêr in moai wurd foar betocht. Dy neame it "sociale contrôle". Dêr is in grut foardiel oan ferbûn, oan dat meilibje meiinoar. Dû kinst yn Drinte net trije dagen dea op bêd lizze, dan binne de buorlu al west te freegjen wêr't men is. Der is ek in grut neidiel oan ferbûn, dat wol ik fuortentaliks tajaan. Kinst net mei goed fatsoen ris in kear útsliepe, dan moast earst om acht oere fan bêd ôf om de kleeden iepen te dwaan.

Fersichtige minsken binne wy wurden, dat fernimst ek oan'e wize dêr't wy ús op útdrukke. Wy sizze noait hoe't de saken der foar stean, wy sizze folle leaver hoe't de saken der net foar stean. As wy in moai famke rinne sjogge dan sizze wy net: "Wat in toetje, wat in snoetje, wat een aardig ding". Bist wizer, se sjogge wol út, ús manlju. Dan sizze se: "Mm, dat famke, sjocht der lang net raar út". En is it in ûntsjepp famke, dan binne wy mild en bermhertich, dan sizze wy: "Hoe, dat is lang de moaiste net". Of, as se ús freegje hoe't it libben stiet, dan roppe wy net lykas yn'e stêd: "Heel goed, dankjewel uitstekend, hoe gaan het met jou?". Wy net hear. As se it ús freegje, dan sizze wy: "t Giet wol". Der binne der dy't noch koarter fan stof binne, dy sizze: "t Giet". Ja, wy binne net allegearre gelyk. Wy ha der ek optimisten tusken. As se dy freegje hoe't it libben der by stiet, sizze se: "t Koe minder". Ja, wy binne hoeden. Dat fernimst ek oan'e wize dêr't wy ús op útdrukke yn in gearkomst. Seit de foarsitter: "Minsken, wy ha in nije ynfal, wat fine jim derfan", witsto wat wy dan sizze? Neat! Wy binne wol wizer, ast neat seist, hoechst neat te ferantwurdzjen. Mar dan wiist de foarsitter der ien oan en seit: "Sizze jo it ris". En dan seit er: "Ja, ja...., o ja, dat kin wolris sa wêze". Mar dat betsjut net datst gelyk hast, nee, dat betsjut dat wy tinke datst gjin gelyk hast. Mar wy wolle der noch wolris oer prate en der oer neitinke. En sa binne wy nei hûs te gien en moarnsbitiid witte wy of datst gelyk hierst. En dan sizze wy it ek. Ja, hear, rjocht foar syn raap. Ja, net oan'e man dy't derom frege hat, nee, wy fertelle it oan in oar en dy fertelle it troch en fierder. En it komt altyd fansels by de goede terjochte. En dat komt folk, om't wy sa bang binne inoar te besearjen. En dat fernimt men ek oan ús kritisearjen. Dat dogge wy net bot yn Drinte. Nee hear, wy ha net folle krityk op inoar. Net yn't iepenbier. En dat komt om't wy sa'n goed ûnthalde hawwe. Sjoch, yn'e stêd kin men maklik spul ha mei de buorfrou en har sizze: "Dû bist in echte rotsek". En dat de oare deis wer goed meitsje mei twa dikke tuten op it wang. Dat hoechst by ús net te dwaan. Yn't earsten hâlden wy net fan sok getút.

By Ijochtskynde. Ast ús ien kear in rotsek neamst, ûnthalde wy dat foar de rest fan ús libben. Dêrom kin spul yn Drinte ek jierrenlang trochsoarje. Oan't wy it net mear goedmeitsje kinne, dan ha wy der spyt fan. Wy binne in apart slach folk. Dat fernimst ek as wy bestjoersferkiezing ha. Wy tuge ús op, gean derhinne en dan seit de foarsitter: "Der moat ek in nije skriuwer komme, 't sil my nij dwaan wa't dat wurde sil". It liket ús hielendal net sok raar wark ta, tinke wy dan. Mar as er freget wa't kandidaat wurde wol foar dy funksje, dan is der net ien. Net ien. Stel dy foar datst de hân omheech stiekst en seist: "Ikke wol". Dêr praten se noch trije jier oer, ast dat diest. Nee, wy sizze neat en passe wol op dat wy de foarsitter net yn'e eagen sjogge. Want ast de foarsitter oansjochst, dan betjut dat datst it graach wurde wolst. En as der dan mar ien oanwiid wurdet en se freegje: "Wolstto it net wurde, kinsto dat net dwaan" dan wurde wy kjel en sizze: "Och, ikke, nee hear, dat doch ik net, kin ik ek net. Lit in oar dat mar dwaan". Dat betsjut net dat wy it net wurde wolle, wol graach! Mar men kin fuortentaliks de earste de beste kear dat se dy freegje dochs net sizze: "Da's wol goed". Moast earst in pear kear frege wurden en dan sizze wy: "Fuort dan mar!". Nije minsken witte dat noch net. Dy binne yn in oare kultuer grut brocht, dy binne wend om nee te sizzen as se nee bedoole. Dy tinke dan: "Da's ek wat, wol der net ien yn it bestjoer?.. Ha se har útslove en wol der no net ien byspringe?" En dan stekke se foarsichtich de hân yn'e lucht en sizze: "No ja, as der dan net ien wol, dan wol ik it wol dwaan". Sjoch, dan is it mis, hen? Dêrop hiene wy net rekkene. Mar we stimme der allegearre op, unanym! En dan gean wy nei hûs ta, sacherijnich. Dêr sjogge se fuortentaliks dat der wat oan't hantsje is en freegje: "No, hoe is it gien?". Dan sizze wy: "As se it sa graach regelje wol, dan regelet se it mar". Dan dûke wy efter de krante en sizze in skoftsje letter: "Ik leauw dat ik der mar ôfgean, fan'e feriening". Dat kloppet fansels net dat witte wy wol. Mar ja, ast yn al dy ieuwen dast hijr wennest sa wurden bist, dan kinst dat fan'e iene dei op'e oare net feroarje. Dat freget tiid. Sjoch, it is sa. As no de nije minsken de goede dingen fan ús oernimme, dat wy mienskipssin ha, dat wy inoar helpe wolle en meilibje meiinoar. En as wy dan de goede dingen fan de nije minsken oernimme, dat wy wat makliker foar ús mieming útkomme duarre en wat better ja of nee sizze as wy ja of nee bedoole. No, dan sil it best gean op ús Drintske doarpen yn'e takomst.

**DRUKKERIJ**

**S.O.D. b.v.**



**v.h. Osinga**

Boekdruk / Offset / Uitgeverij  
De Giek 17 - 9206 AS Drachten  
Telefoon 0 5120-12468


**LET OP!!**

**OPENING**  
CORSETTERIE

OPENINGSAANBIEDING

Gedurende de hele maand oktober  
krijgt u bij aankoop van elk artikel  
een tweede exemplaar voor  
de HELFT van de prijs

Wij zijn geopend maandag-, dinsdag-  
donderdag- en vrijdagmiddag van  
half twee tot zes uur  
Verder ook op afspraak



Mevr. A. ter Wisscha - Bleeker  
Sânbuorren 5, Oudega (Small.)  
Tel. 05127 - 1950

Gediplomeerd corsetière



## SKIEDNIS

MEAR WITE FAN EIGEN KRITE

DIT WIENE EK ALDEGEASTERS

### In apart man

Linse is net altyd skipper bleaun, op in stuit hat er syn skûtsje fan sa'n 30 tûne ferkocht en is mei in grientehannel begûn. Fan dy tiid ôf reizge er geregeld-wei mei de grientekarre troch it doarp.

As grienteman kocht er ris in moai grutte partij koal, tige om't skik. Sa gau mooglik reizge er doe mei syn karre it doarp yn om de koal foar in geskikt pryske wer te ferkeapjen. Mar in hanler út in oar plak hie him krekt foar west en dat wist Linse net. Dy hie mei in autofol koal (ek foar in hiel geskikt pryske) yn it doarp west en suver alle húshaldingen hiene syn goedkeape koal kocht.

Linse kaam op syn tocht troch it doarp al ridlik-gau oan'e weet hoe't de saken der by stiene.

"Hjoed net Linse, ik haw al koal fan de auto kocht".

"Diskear net hear, de auto hat hjir al west".

Sa wie it beskied, dat er oeral krike. Moedeleans kroaske er mei syn karfol koal wer op hûs oan. In fergese reis.


Op it hiem stie syn geit oan't tsjoar. Linse krike in koal fan'e karre en rôle dy de geit ta. Mar it bist hie grif de mage fol, it snuffele ris oan'e koal, mar iet der net fan.

"Of hat de auto faaks ek al by dy west", rôp Linse en draaide him lulk om.

As grienteman ferkocht er ek bokkens en sâlte en soere hjerrings. De minsken kamen dan mei in board of skaaltsje by de karre en mei in foarke lei Linse de ferkochte hjerrings der op. Doe't er op in kear de Great Haersmawei del kaam, frege in kloftsje jonges, dy't dêr wat by Kiers omhingelen: "Wol't wat mei de hannel, Linse?".

"Neat wurdich", wie't antwurd. "Op it hiele reedsje ien rotterich hjerrinkje ferkocht. En God mei witte wér't it foarkje bedarre is. Bin'k dat ek noch kwyt".

L. d. J.



**Autohandel - Sputinrichting  
Schadereparatie**



BOVAG-lid

**AUKE DE VRIES - GARAGEBEDRIJF**

Gariperwei 2, Oudega Small. - telefoon 05127 - 1777

WIJ  
S L I J P E N  
VAKKUNDIG EN VOORDELIG

Heggescharen

Huishoudscharen

Snoeischaren

Messen, ook met kartel

Veescheermessen

Schaatsen

Zagen en beitels

Motormaaiers, ook reparatie

Handmaaiers

Motorzaagkettingen

TEVENS VOOR AL UW REPARATIEWERK

H. VEENSTRA

Sânbuorren 15

Oudega (Sm)

Werkplaats:

Achterwei 39

Tel. 05127 - 1994



### LOTLINGEN FAN 1919

Lotlingen! De skrik sloech alle (no ja, alle) jonge fammen om it hert eartiids, as se roppen hearden: Dêr komme de lotlingen oan! Dan wie't, rûftdy, yn'e hûs en de doarren op slot. Foar de jongfeinten wie dat lotsjen foar de militêre tsjinst sa'n wichtich barren, dat se nei ôfrin gauris nei de fotograaf stapten, om meiinoar, as lotlingen, ferivige te wurden.

De lotlingen op dizze foto binne:

efteroan en fan l. nei rj.: Alle Welling; Melle v.d. Wal; Jurjen v.d. Velde; Meint Kooistra.  
En foar sitte: Lolke Wiersma; Wybren Wijma; Durk van Dellen; Teade Deelstra; Titus v.d. Wal.



### VEEHoudERS VAN OUDEGA KOSTENBEHEERSING?

Veel mechaniseren lijkt fijn,  
Voor de winst is het maar schijn,  
Laat daarom ook in het komende seizoen,  
Uw werkzaamheden door het loonbedrijf doen.

#### FA. TOERING

staat voor U klaar om voor U o.a.:  
**te maaien, voor hooipersen, inkuilen, mest- en gierverspreiden,  
kraan- en dumperverhuur, enz.**

**Bel vroegtijdig, dit voorkomt teleurstelling.**

Oudega  
05127 - 1582

Eernewoude  
05117 - 9387

**Beleefd aanbevolen**  
**Fa. TOERING**  
**Loonbedrijf**

Mear wite fan eigen krite.

## RAAM EN TUSEARTTRIEDDEN

Okkerdeis siet ik by in aljerrige Aldegeaster onder it genot fan in kopke kofje mei in grûske en in stikje koeke te praten oer it Aldegea út syn berne-tiid. Hy kin in moai eintsje tebek gean yn 'e tiid, want hy is de tachtich al foarby en syn ûnthalde noch poerbêst. En as er al ris in kear wat wifele, dan wie syn frou ree om te helpen. Wy hiene it der oer, dat de minsken yn syn bernejerren gjin radio en gjin tillevyzje hiene en har dochs net ferfeelden. De tsjusterens waard ferljochte mei it gielige Ijocht fan petroaljelampen.

"It is eins wol slim", oppenearre ik, "dat wy no altyd fermakke wurde wolle troch oaren. As ús tillevyzje it ris in kear sitte lit, dan witte wy ús gjin ried. Wy sjogge dan mar frijwat soargelik, krekt as wie ien fan ús bêste freonen ferstoarn. Nee, wy kinne ús sels net mear fermeitsje. By 't simmer soe 't faaks wat tafolle, mar by 't winter soene wy ús deaferfele."

Mar neffens myn gasthear seach ik dat ferkeard en hy wiisde my op in Amerikaansk foarbyld: Dêr moast neffens him in jiermannich lyn ris in staking by de t.v. west ha yn 'e steat New York en fan gefolgen kamen der njoggen moanne letter folle mear lytse Newyorkers te wrâld as men normalerwize ferwachtsje mocht.

"Sjoch," fooge er der ferklearjend oan ta, "oars sieten dy minsken jûns as stânbylden nei de buis te stoarjen en kroepen wurch fan 't sjen op bêd. Mar doe krike de man ynienen wer niget oan syn wiif en 't wiif oan har man. En ik sis dy, as dy staking noch wat langer duorre hie, dan hiene de húshaldings wer nei mekoar op besite gien en dan hine se mekoar wer ferhalen en sterke stikken ferteld. En dan soene se itselde dien ha wat de minsken yn myn bernejerren diene".

Hy skeukte risnoflik hinne en wer op syn stoel en ferfette, nei't er syn kopke leech makke hie: "It heucht my noch skoan, dat Lút Posthuma mei syn mem Judikje by ús heit-en-dy kaam te jûnpraten. Lút is syn libben lang vrijfeint bleaun, dat sadwaande. Dy Lút wie yn syn tiid nochal in man fan kwize-kwânsje yn it doarp. Hy wie gemeente-arbeider en as sadanich hied er fêst wurk en der wiene doe net folle arbeiders dy't dat ek hiene. It wie doe yn in protte arbeidershúshaldings by't winter skrabjen om'e kant, dat sis ik dy. Moatst net ferjitte, om 1910 hinne fertsjinne in boere-arbeider mar 60 sinten deis en as it min waar wie hold de boer dêr ek noch wat ôf. En dêr hoegde in arbeider gjin kapsjes op te meitsjen, want dan koed er wol opdonderje. Fan sa'n leantsje koe ek de sunichste arbeidersfrou -en sunich wiene se hast allegear- net folle efterút lizze foar de wintertiid, dat is te begripen. Mar Lút hie dy soargen net, hy hie simmers en winters wol wurk.

By 't winter hied er it hast sa drok noch wol as by 't summer. As it frear en it iis wie sterkernôch, dan moast Lút ek soargje, dat de iisbanen om Aldegea hinne der troch kamen. Dat wie in kerwei, dat er allinne net oan koe, mar dat hoegde ek net, hy mocht dêr wol helpers foar hiere. En dy wiene der planteit, hy koe mar útsykje. Al dy werklazen sùnder útkearing koed er wol krije. Net in minne fint, dy Lút, spitich dat er nei syn memme dea sa oan 'e drank ferslingere rekke. Hy wenne dêre, dêr 't Jelle en Lize no wenje. Hy wie 71 doe 't er stoar.

Se kamen altyd yntiids by ús, Lút en Judikje, om theetiid hinne meast. En it waard ornaris wol twa oere yn 'e nacht ear 't se wer ôfstieken. Se krigen dan yn 'e jûntiid ek noch in waarm miel by ús.

Ik wie sa 'n jûn suver net op bêd te krijen, mei sân pear earen siet ik te harkjen nei de ferhalen dy 't der op it aljemint kamen. En as ik op bêd wie lei ik efter de bedsteedoarkes noch te harkjen. Sa haw ik it ferhaal heard oer Wibe Hekstra, in slûch-slimme Aldegeaster skieppekeapman, dy 't op 'e Geasten wenne hat, suver op itselde stee dêr 't op 't heden de boartoer stiet. Wibe brocht syn Drinten, want dêr hannele er yn, altyd nei de Ljouwerter feemerk. Dy bisten waarden der hinne dreaun en dat einde fansels as de man yn 'e moanne, want de skiep rûnen frettendewei troch de bermen. Yn 'e doarpen moast de keapman in romerfol ha en Warten en Wergea wiene fêste pleisterplakken op 'e route.

De nieuwe collectie flanel-lakens is binnen.

Alle maten in voorraad.

1 pers. - 2 pers. en extra grote 2 pers.

H O E S L A K E N S

80 x 190 - 90 x 190 - 130 x 190 - 140 x 200

NIEUW !!

Nu ook dekbedovertrekken in flanel.

WAARDEBON

Tegen inlevering van deze bon f 1,50 reductie,  
bij aankoop flanel laken.

GELDIG TOT 15 OKTOBER.

KOOISTRA'S TEXTIEL

BUORREN 22

Tel. 1258

OUDEGA (Sm.)

Tichteby de stêd kriegen de bisten altiten rejaal de kâns om har fol te fretten, dan hoegde Wibe yn 'e Skrâns net sa faal: in skiep út in túntsje te reagjen, want dat joech ivich en erflik in heapen gedonder mei de stedlju. Op in kear bleau der op wei nei de merk in skiep stean foar in spegeljend winkelrút. Wat der yn 'e etalaazje stie fûn it bist neat net nijsgeirrich, mar it hie alle omtinken by dat oare skiep dat it dêr stean seach, mei de kop nei har takeard. Efkes stiene se nei elkoar te sjen, doe sprongen se op inoar ta: in grutte stjer yn 't rút! Wibe hie 't snoen en dreau hastich syn skiep fierder. De winkelman hie de klap tsjin 't rút heard, kaam bûtendoar en seach de stjer. Soe ien fan sy skiep dat dien ha?

"Boer", rôp er Wibe nei (wa 't net yn 'e stêd wenne wie in boer), "boer, hèt één fan jou skapen myn raam fernield?"

"Ik haw myn tal, hear", rop Wibe werom.

"Ja, maar der sit in groate ster in 't raam. Hèt één fan jou skapen dat daan?"

"Man ik ha myn tal, sei 'k al en in raam rint der net by. Allinne mar skiep", joech Wibe werom en boksele fierder mei syn Drinten.

De ferteller hâldt efkes op om syn piip te stopjen. As er dat mei soarch dien en de brân der yn stutsen hat begijnt er fan nijs aan.

"Dan kamen by ús ek út en troch de Dupons oer de flier, twa broers, Lykle en Wytse en ien fan de twa, ik mien, dat it Wytse wie, koe mastereflich fertelle. It wie net in man, dy't in stro om in aai bedjerre woe, mar dat hie ik as jonge net yn'e smizen. En wat soe't ek, it ferhaal wie der net minder moai om. Fan Wytse haw ik it ferhaal fan de tuseartriedden heard.

"Wy hawwe ús ris", sa begûn Wytse, "Lykle en ik, jierren oanien by deselde boer ferhierz as mier. Wy hiene dêr in poerbêste kost en dat koene wy net fan alle boeren sizze, dêr't wy foar meanden. Mar by dy minsken wie 't altyd tige by tige. Wy hawwe dêr doe op in kear ris tusearte iten, witst noch wol, Lykle?

"Ja," antwurde Lykle, "asto it seist sil't .. sa wêze jong".

"No, de boerinne en de faam hiene tige har bêst dien, der wie in klûtsje bûter yn kommen en hja hiene der wat droech spek yn besean. De boerinne wist wol, dat wy dat sa graach mochten. Mar de frouljus hiene it grif de moarns tige drok hân, want de tu-searte siet grootfol triedden. Ik leau, se hiene de tu-searte samar mei tried en al yn'e panne smiten. Toe, Lyckle ju, do witst it dochs ek noch wol, net?"

"Do seist it, wie dy syn beskied, "dan sil 't grif wol sa wêze".

"Mar wy hawwe kik noch mik jûn", ferfette Wytse, "wy diene mar krekt as hearde 't sa. En faaks hearde't dêr ek wol sa, want de boer repté de mûle der ek net oer, teminsten net salang as wy der by sieten. Ik haw alles der troch skood, ek al smoarde 'k hast yn'e triedden. Doe't wy de oare moarns yn't mêt stiene moast ik efkes út'e broek. Ik rûn nei de sleatswâl ta en gong op'e hûken sitten. Mar, hoe't ik ek stinde, it woe net. Ik begriep it wol, dy tuseartriedden sieten my sa dwers. Ik stinde en stinde mar, ik krike it der op it lêst suver benaud fan. Doe'r ik: "Lykle, kom hjir ris even, ju". Witst noch wol, Lykle?"

"It sil wol sa west ha", sei Lykle evenredich.

"No, ús Lykle sette de klomp der op en doe bin ik wol twa ekers oerdwers rûn en doe wie'k it earst kwyt. Tuseartriedden, dy kinne jin pleagje hear!".

Wy hiene it der roerend oer iens, myn gasthear en ik, dat sokke fertellers net mear yn Aldegea en ek net mear yn fiere omkriten te finen binne. Us regionale omrop west hat se foargoed oan kant reage.

L. d. J.

Rijwielen o.a. GAZELLE en UNION.

De vanouds bekende SMID  
van OUDEGA met een  
nog echt open vuur.  
Tel. 05127 - 1536

A.J. WELLING  
BUORREN 18  
OUDEGA



## DIEREDEI

't Is Dieredei!  
't Is Dieredei!  
't Is feest foar alle bisten.  
De aap, de bear, de oaljefant,  
se binne bliid, jawisse, want  
se wurde hjoed ris goed bedoarn  
— se wiene amper wekker —  
mei iten, o sa lekker.

't Is Dieredei!  
't Is Dieredei!  
't Is feest foar alle bisten  
It hynder, it skiep en ek de ko,  
dy krije hearlik iten, ooh!  
Al fuort nei melken kaam de boer  
by har mei't alderkostlikst foer.  
It hynder sei, de bek noch fol:  
soks mocht ik alle dagen wol.

't Is Dieredei!  
't Is Dieredei!  
't Is feest foar alle bisten,  
Wat wol de pinquin 't leafste ha?  
In fiskje, mei in fiskje ta!  
Dat kin hjoed net! Dat kin hjoed net!  
ropt gau it hjerrinkje beret.  
It is hjoed ommers Dieredei  
en dogge fisken dan net mei?

Dan seit de pinquin: No om my  
wie Dieredei mar wer foarby.

## SEPTIMBER

It wurdت wer tiid dat elk him hâldt  
By eigen hûs en lytse wrâld.  
De frucht is ryp en dead it lôf;  
Ier rûst de nacht yn't apelhôf.

No komt de hjerst. De stille dei  
Naam alle ûnrêst hoeden wei.  
En fan it simmersk aventoer  
Bleau earne, o lok! in oanhâld oer.

Ut: Sinneblink,  
Y. Poortinga

## Staan ter dekking:

Mooie witte bok en een reebruine dwergbok.

Oege Reitsma  
Gariperwei 59  
Tell. 05127 - 1900

## FAN ALLES WAT

Spitigernoch wiene der net folle ynstoerders fan  
de kleurplaat. De beide famkes, Mieke de Haan  
fan'e Jachtweide 9 en Froukje de Jong fan'e Hege-  
warren 22 ha in pryske wûn en kinne it oan'e Achter-  
wei 5 ôfhelje.

De samlers.

## WELLING - BAR

Petit - restaurant



- \* als vanouds het café met de fijne sfeer
- \* prima keuken en fijne wijnen
- \* geschikt voor kleine recepties en vergaderingen
- \* diverse exposities van amateurschilders op de bovenzaal
- "De Bûthússouder"

Vanaf dinsdagmiddags 3 uur geopend; in de weekends tot 2 uur.

# KETTINGZAAG

Onmisbaar voor:

- \* haardblokken zagen
- \* zagen van balken
- \* bomen vellen of snoeien
- \* maken en repareren van omheiningen



## PIONEER

EVENTUEEL OOK TE HUUR

**A. Th. de Boer en Zn. b.v.**  
landbouwbenodigdheden, tuinartikelen en  
gereedschappen  
drachten, folgeren 16, tel. 05120-18205



### OPLOSSING TELGRAPKE:


1. Spitiernoch haw ik in flater skreaun. It moatte alve hynders yn tolve hokken wurde. Jo meie it nochris probearje, as jo wolle:  
Hoe krijt men alve hynders yn tolve hokken, súnder dat der in hok leechbliwt?
2. De gefangene giet earst nei de ûnderste sel, dêrnei werom nei syn eigen sel. Dan witte jo de wei wol fierder.

In spultsje dat ik yn myn jonge jierren faakris dien ha: GALGJE.

- A. betinkt in (lang) wurd, b.g. Doarpsomropper.
- B. moet it wurd riede troch letters op te neamen en freget b.g.: "Sit der in "o" yn?"
- A. seit "ja" en follet op de al earder delsette stipkes de "o" yn. (Likefolle stipkes as letters.)

. o . . . o . . o . . .

- B. freget b.g. "Sit der in "G" yn?"
- A. seit "Nee" en bout de galge op yn 10 kear "nee" sizze.



Men mei it wurd ek riede, mar in "nee" leverret wer in streekje oan'e galge op. En dan mar punten telle.

## DRUKKERIJ

**s.o.d. b.v.**  
v.h. Osinga



Boekdruk / Offset / Uitgeverij

De Giek 17 - 9206 AS Drachten  
Telefoon 05120-12468

# ROCKPORT SCHOENEN

PUUR NATUUR




**Lampers  
schoenen**

Schoolstraat 24, 9251 EG Bergum - Telefoon 05116-1508



Rond de cijfers dienen in de richting van de wijzers van de klok woorden van vier letters te worden ingevuld. De eerste letter van ieder woord komt in het vakje boven het cijfer te staan.

1. waterovergang, 2. Europeaan, 3. halfbloed, 4. hermellichaam,
5. vulkanisch produkt, 6. bijb. figuur, 7. berggeel, 8. erkentelijk,
- heid, 9. vlootvoogd, 10. smerig, 11. bloem, 12. gast, 13. vogelver-
- blijf, 14. durende vijandschap, 15. honingbij, 16. insgelijks, 17.
- verharde huid, 18. ar, 19. schoolvak, 20. veiligheidsbrandstof, 21.
- nobel, 22. metaal, 23. dus, 24. putemmer, 25. eetlust.



Hawwe jo in frieskast of -kiste?

En wolle jo der graach poerbêst bôleguod yn ha?

Skilje ús dan efkes

Wy komme moandeis en tiisdeis mei bakkersguod  
yn Aldegea

Waarme Bakker  
J. J E L S M A

Boarnburgum

Tillefoan 05126 - 1215

## OPLOSSING PUZZEL - AUGUSTUS

### HORIZONTAAL

1. koor, eagle, slopen 2. anders, ran, nandoe 3. stoep, eertijds, ale 4. telkens, eed, indus 5. even, laan, ren, eest 6. kreet, laven, geluk 7. let, gaar, om, lupine 8. adrem, toe, mast, est 9. veen, buit, emoe, ate 10. ent, oog, bar, pellen 11. ruiter, aap, iel, dra 12. error, animo, keuze 13. em, avond, t.t., nors, eg 14. Dedemsvaart, kadi 15. ene, rata, k.l., rij, amer.

### VERTIKAAL

1. kaste, klaver, eede 2. ontevreden, urmen 3. odol, eet, retirade 4. reek, negen, o.t., over, 5. erpel, tamboer, oma 6. ase, nalatig, ran, st. 7. gres, aaron, band, va, 8. Laren, voet, aai, tak 9. enter, emmer, p.m., tal 10. snijden, lampion, r.r. 11. lading, USO, eek, o.t., ij 12. ons, neep, teller, ka 13. p.d., adel, ie, aldus 14. eolus, unster, zede 15. nee, st., kelen, aegir.

*De beste noten komme altyd troch de winter.*

*Wat nedichst is moat earst, sei de man,  
en hy bruide syn wiif.*

*De mûle docht it wolris dat it gat slaan kriget.*

*Dy 't in oar kjimme wol moat sels gjin huis ha.*

### "DE SLAG"



### ANTIQUAIRS, JUWELIERS, DIAMANTAIRS en TAXATEURS

*Op dinsdagavond 13 oktober, wordt een voorlichtingsavond gehouden over perzische- en oosterse tapijten.*

*Aan de hand van dia's, film en voorbeelden, worden er heel wat sluiers voor u opgelicht. Heeft u belangstelling, belt u even, dan krijgt u t.z.t. een uitnodiging voor deze avond toegestuurd. De avond is bijzonder leerzaam, interessant, kosteloos en verplicht u tot niets.*

### "DE SLAG"

*Selmien 2, Olterterp  
a/d weg achter de melkfabriek,  
richting Ureterp.  
Telefoon 05125 - 1695*

# Rabobank

ook voor Uw:

\* REIZEN

\* VERZEKERINGEN

\* REISDEVIEZEN

Fabrykswei 13, Oudega Sm.

telefoon 05127 - 1533



## NUVERAARDICHHEDEN UT OARE BLEDEN

Bussen rijden minder vaak wegens ziekte.

(Volkskrant)

Goedemorgen

KO DRANKKANON

In hou van je,

Annie.

(Prov. Zeeuwse Courant)

En zij, die in de bouwvak vakantie hadden, hebben toch kunnen genieten van Adriatische temperaturen, in het toch kille Holland.

(Skoalle-koer)

## HORMONEN

Utrecht (ANP) - Het Rijksinstituut voor de Volksgezondheid heeft een "waterdichte" methode ontwikkeld om het kankerverwekkende DES-hormoon in slachtdieren te ontdekken.

De op dit moment gehanteerde methode moet, zo heeft de Almelose president van de rechtbank 20 mei bepaald, worden beeindigd, doordat bij deze methode hormonen kunnen worden aangetoond die er niet zijn.

(Tubantia)

Ik ondergetekende Lucia Bauts, vraag aan Neyns August om mij met rust te laten. Ik ben geen HOER, en laat mij dit niet zeggen door een landloper. Zoniet zal ik hem voor het gerecht laten verschijnen.

— Ondertekend: Bauts Lucia. Moespikstraat 93, 3300 Tienen.

(Publi-pers, Tienen)

*As ik dy net hie en myn klean,  
dan moast ik neaken gean.*

*Mål moer, mål bern.*

*It is in minne fügel, dy't syn eigen nést besmoarget.*

**TOUW  
WINDSURFING  
WATERSPORT**

DEALER VAN ALLE BEKENDE MERKEN SURFPLANKEN.

**o.j. van der baan c.v.**

**"S P A R" WINKELIER**  
**WIEBE J E L S M A**

VOOR AL UW:

LEVENSMIDDELEN  
AARDAPPELEN, GROENTEN en FRUIT  
DROGISTERIJ-ARTIKELEN  
HENGELSPORTARTIKELEN  
HUISHOUDELIJKE ARTIKELEN  
ENZ.

WEER IN VOORRAAD:

ANTISPRUIT  
TULPENBOLLEN

Tel. 05127 - 1439

BIJKANTOREN:  
LELYSTAD: 03200 - 21689  
Sylvia Kloosterman  
DRACHTEN: 05120 - 18415  
ESA Travel Counter, Raadhuispl. 21  
MARUM: 05944 - 1431  
ESA Travel Counter, Hoornweg 102  
LEEUWARDEN: 05100 - 39525  
ESA Travel Counter, Wirdumerdijk 39

**DRUKKERIJ**  
**S.o.d. b.v.**  
  
**v.h. Osinga**  
Boekdruk / Offset / Uitgeverij  
De Giek 17 - 9206 AS Drachten  
Telefoon 0 5120-12468



*UW WERK, ONZE ZORG*

Wij zoeken een meisje of vrouw (met P.A.-opleiding of daarvoor studerende) die een meisje van de tweede klas lagere school drie maal per week een half uurtje bijles wil geven in rekenen.

U kunt ons bellen overdag of 's avonds: 05127 - 1710.

Inlichtingen ook op ons kantoor: Buorren 11 te Oudega

N



INTERNATIONALE KETTINGBRIEF VOOR VREDE EN ONTWAPENING.

Aan alle vrouwen in Nederland.

Langzaamaan worden wij vrouwen wakker. Wat gebeurt er om ons heen?

Na de tweede wereldoorlog zijn 146 van de 150 landen lid geworden van de Verenigde Natie's en hebben zich er toe verplicht om voortaan in vrede en vriendschap met elkaar te leven. De laatste 30 jaar zijn er zo'n 6.000 besprekingen gevoerd over ontwapening. En wat is het resultaat?

Er zijn nu al voldoende atoomwapens om de aarde 40 keer te vernietigen. En het is nog steeds niet genoeg. Per minuut geven regeringen twee miljoen gulden uit aan bewapening terwijl ieder jaar miljoenen mensen sterven aan honger en door armoede.

Het is de politieke leiders niet gelukt om voor een leefbare wereld te zorgen. Maar vrouwen zijn daarin nauwelijks aktief geweest.

Toch zijn vrouwen de helft van de mensheid. Laten we dus opstaan, samen met alle bezorgde mannen, en zeggen dat het genoeg is geweest. Als voldoende gewone mensen over de hele wereld dat doen, kan geen regering daar omheen. En het is onze laatste kans om een wereld ramp te voorkomen. Dit is ook de conclusie van het laatste rapport van de V.N. over de wapenwedloop.

Het is de bedoeling dat deze kettingbrief vele landen gaat bereiken, in oost en west, en in de derde wereld. Vrijwel alle vrouwenbewegingen helpen daarbij. Wij vragen u het volgende te doen:

U schrijft de volgende brief (de brief tussen de lijnen) twee keer over:

Ik ben erg bezorgd over de toestand in de wereld. Ik voel me niet beschermde door al die kernwapens en andere wapens. Afschrikking kan wel tijdelijk een oorlog voorkomen, maar geen duurzame wereldvrede bewerkstelligen. Ik denk dat juist de wapenwedloop zelf het grootste gevaar voor de mensheid vormt! Ik wil dat u van nu af aan alles in het werk stelt om de bewapeningswedloop te beëindigen en te komen tot ontwapening en werkelijke vriendschap tussen de volken.

Eronder schrijft u datum, naam en adres en uw handtekening. Mannen in uw directe omgeving kunt u ook vragen hun naam en adres eronder te zetten en te tekenen.

Boven de eerste brief schrijft u: Aan de Nederlandse regering. Deze brief stuurt u in een gefrankeerde enveloppe aan "Vrouwen voor Vrede"

Nassaalaan 31  
9719 CG GRONINGEN

Op de V.N.-ontwapeningsdag, 24-10-1981, worden deze brieven overal aan de regeringen aangeboden.

Boven de tweede brief schrijft u: "Aan de Verenigde Natie's". De enveloppe met een postzegel van 85 ct. adresseert u aan:

mr. Kurt Waldheim  
c/o United Nations  
10017 New York  
U.S.A.

Zo mogelijk binnen 3 dagen vermenigvuldigt u deze brief 5 keer en geeft hem door aan 5 andere vrouwen. Deze brief moet tenminste 1 keer iederaan bereiken. Mensen die niet direct mee willen doen, zullen misschien besluiten dit alsnog te doen wanneer zij er een poosje over hebben nagedacht.

WERK AAN DE VREDE EN MAAK VAN DEZE KETTINGBRIEF EEN SUCCES. HET IS HET WAARD.

## SOCIALE WURKLIST

WIKE-EINTSJINSTEN HUSDOKTERS  
fan freed 17.00 oere oan 't sneintejûn 24.00 oere.

4 oktober	C. v. Staveren Roundeel 56	Aldegea 05127 - 1262
11 oktober	J.S. Meyboom Kommisjewei 120	De Pein 05127 - 1261
18 oktober	S. Vriesinga Torenlaan 17	Eastermar 05129 - 221
25 oktober	H.J. Amelink Greate Buorren 22	Garyp 05117 - 1264

### GROENE KRUIS

Spreekuur S. Hemminga, Bergum: maandag t/m vrijdag tussen

12.30 - 13.30 uur onder nummer 05116 - 1806.

Dienstdoende wijkverpleegkundigen zijn de weekeinden te bereiken van 13.00 tot 14.00 uur en van 18.00 tot 19.00 uur onder nummer 05120 - 12105 te Drachten.

### STICHTING GEZINSVERZORGING SMALLINGERLAND

Spreekuur alle werkdagen van 8.30 tot 9.30 uur.

Tel. 05120 - 19005, De Oppers 1b, Drachten.

### MAATSCHAPPELIJK WERK SMALLINGERLAND

Spreekuur te Drachten, Berglaan 62, tel. 05120 - 17235, alle werkdagen van 8.30 - 10.00 uur; verder op afspraak.

De gehele dag zijn er medewerkers op de Berglaan aanwezig. De informatie en advieswinkel is elke werkdag geopend van 9.00 - 11.30 uur en van 14.00 - 17.00 uur. Donderdags bovendien van 19.00 - 21.00 uur.

### BIBLIOTHEEK

Openingstijden:

woensdag:	13.30 - 17.00 uur
	19.00 - 21.00 uur
vrijdag:	13.30 - 17.00 uur
	19.00 - 21.00 uur

In 'It Miensker', Fabrykswei 13a, tel. 1398

### OPENINGSTIJDEN

#### POSTKANTOOR

Maandag tot en met vrijdag:

8.30 - 12.00 uur	9.00 - 12.00 uur
13.00 - 17.30 uur	13.30 - 15.30 uur
Woensdagsmiddags gesloten.	donderdagsavonds:
Tel. 05127 - 1258	17.00 - 19.00 uur

#### RABOBANK

Tel. 05127 - 1533

Ned. Midd. Spaarbank en Ass. kantoor,  
It West 3, till. 05127 - 1296

Iepen fan: 9.00 - 12.00  
13.30 - 17.00 en op ôfspraak

UITVAARTVERENIGING 'DE LAATSTE EER' OUDEGA  
Inlichtingen over begrafenis of crematie enz. Afspraken alle werkdagen. Penm. G. Kooistra, Buorren 22, tel. 05127 - 1258. Bode A. van Keimpema, Fabrykswei 17, tel. 05127 - 1206.

Denkt u er aan dat kinderen vanaf 18 jaar zelfstandig lid kunnen worden?

### TSJERKETSJINSTEN

Griff. tsjerke, dûmny H.J. Nolles, till. 1223

4 okt. 9.30 oere A. Bijlsma, Exmorra H.A.  
13.45 oere Idem

11 okt. 9.30 oere A. Klein, Earnewâld  
13.45 oere H.J. Nolles

18 okt. 9.30 oere A. Wolters, Boarnburgum  
13.45 oere H.J. Nolles

25 okt. 9.30 oere H.J. Nolles  
13.45 oere G. Rikkers, Sumar

Herf. tsjerke, dûmny J.H. Hamoen, till. 05117-1228

4 okt. 10.30 oere Kok, Utert

11 okt. 10.30 oere J. Hofstra, Drachten

18 okt. 10.30 oere J.H. Hamoen

25 okt. 10.30 oere G. Kuperus, Warns



## familiedrukwerk?

*Bij ons heeft u een ruime  
keuze uit de meest  
originele  
GEBOORTE-  
VERLOVINGS-  
HUWELIJKSKAARTEN*

**DRUKKERIJ S.O.D. b.v.**  
Buorren 11, Oudega (Sm.)  
Telefoon 05127 - 1755\*

(ook 's avonds en weekends na afspraak)